

Straaljagers

útbrocht op de LP/CD Húske

in straaljager dy fljocht	Cm	Gm	Cm
heech boppe de bewolking	Cm		Gm
mar leger by de grûn	Cm	Gm	Cm
is't in pest foar de befolking	Bb		Gm
dat oarlochstúch bringt ús de frede nea!	Cm	Gm	Cm

wolst mei it moaie waar
ris rêstich bûten sitte
mar yn Marsum en yn Jelsum
kinst soks mar moai ferjitte
dat oarlochstúch bringt ús de frede nea!

yn Marsum is net mear
in rêstich plak te finen
't is inkeld noch in doarp
foar dôven en foar blinen
dat oarlochstúch bringt ús de frede nea!

foar ús beskerming bin
dy straaljagers hjir nedich
mar wa beskermet ús
no tsjin ús eigen leger
dat oarlochstúch bringt ús de frede nea!

© Doede Veeman